



# La vie en rose 1

## TYPE AKTIVITEIT

Muzyk útkieze en harkje

## TEMA

Leafde, feest en feestdagen, sjonge en spylje, it libben rûn

## OANTAL DIELNIMMERS

1-10+

## DOER

Kies út op syn minst 20 minuten, op syn heechst twa oeren

## PERIOADE

Kies út 1900-1999 (de muzyk kin út alle perioaden komme, as de dielnimmers de muzyk sels mar útkieze)

## SLÚT OAN BY

**Aldre Leafde**, de ferhalen fan Bouwe en Syp van der Meulen, Tjamme en Janke Valk en Aise en Afke Kramer

*Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside [datwiedoesa.nl](http://datwiedoesa.nl)*

**B**ouwe en Syp van der Meulen, Tjamme en Janke Valk en Aise en Afke Kramer leare elkoar kennen by it dûnsjen. Yn Hotel Vreewijk yn Drachten en yn kafee De Aardappelbeurs yn Sint-Jabik.

Hoe learde men elkoar eartiids kennen? Op in dûnsjûn of op de dûnsskoalle? Dûnsen de dielnimmers yn jo groep eartiids oait op deselde dûnsflier? Hawwe se oantinkens oan deselde dûnstinten, muzikanten of ferskes, lykas de wrâldferneamde hit La vie en rose fan Edith Piaf út 1946?

Doel fan dizze aktiviteit is: de âlderein harkje te litten nei muzyk fan eartiids dy't se sels útkeazen hawwe. Hawwe jo in lytse groep (oant sa'n seis persoanen), dan kinne de dielnimmers wiidweidich fertelle oer watfoar nûmers oft se útkeazen hawwe en wêrom. Hawwe jo in grutte groep, dan giet it foaral om de muzyk.



Bouwe en Syp kinne goed dûnsje tegearre. It kafé yn Eastermar hat in boppeseal en dêr dûnsje se wol gau ris de wals.



Afke sjocht Aise foar it earst by de lêste, meast wat romantyske dûns, de slowfox. Mar Aise wie wat bleu en brocht Afke noch net thús op 'e fyts.

## Aldre Leafde



leafdesbrieven 1940-1975

Yn Aldre Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten.



# La vie en rose 1

## TARIEDING

Dizze aktiviteit kin eventueel ek sûnder tarieding foarôf, mits der in pc of tablet is mei in goede lûdswjerjefte. Eventuele tarieding foarôf:

- Lit alle dielnimmers in liet of muzykstik útkieze dat hy of sy hearre litte wol en dat foar harren wat mei leafde of romantyk te krijen hat. Mear as ien nûmer per dielnimmer kin ek, ôfhinklik fan it oantal dielnimmers en de beskikbere tiid. Sykje de nûmers op YouTube. As dat net slagget, kinne jo de dielnimmers freegje oft se sels in opname fan dat nûmer hawwe. Meitsje in playlist mei de nûmers, dy't ôfdraaid wurde kin ûnder de aktiviteit.
- Fersier evt. de romte, sadat de sfear past by muzyk en romantyk, of fersier de romte mei de dielnimmers.

## WAT JO NEDICH HAWWE

Pc of tablet mei de mooglikheid om muzyk hearre te litten. As jo fan tefoaren de muzyk byelkoar socht hawwe, is in oare lûdsynstallaasje ek goed.

## Opdracht

*Romantyske muzyk.*

De romantyske oantinkens wurde ophelle mei muzyk. Faaks hawwe guon in hiele oar gefoel by de útkeazen nûmers.

## Aktiviteit

1. Lit de earste dielnimmer oan de oaren útlizze wêrom't hy of sy dat nûmer of dy nûmers keazen hat.
2. Lit dêrnei it nûmer of de nûmers hearre.
3. Lit dan de twadde dielnimmer har of syn kar taljochtsje en lit dat nûmer ek hearre ensfh. oant elkenien oan bar west hat.
4. As de stimming deryn sit, lit de nûmers dy't it meast yn 'e smaak foelen dan nochris hearre.

**TIP:** As it om in grutte groep giet, dan kinne jo de dielnimmers yn lytsere groepkes fan twa oant fiif persoanen ferdiele.



## TIP: Suggestje foar ferfolch

Styldûnsjen is op 't heden hielendal wer 'yn', ek al hat it nea fuort west. In groep soe in les styldûnsjen bywenje kinne yn in dûnsskoalle yn 'e buert en wa wit, miskien wol meidwaan.

Janke is grutsk op Tjamme, sy sjocht wol in bytsje by him op en dat is altyd sa bleaun. Janke giet as Tjamme yn Ynje ferbliuwt mei har susters nei it folksdûnsjen. Ek sjonge se mei mekoar, har suske Pietje spilet dan op de gitaar. Mei Pietje giet Janke sels nei brulloften ta om op te treden.

De troufoto.

